


LESBRIEF Eigenwiis



Dizze lesbrief heart by it Keimpe-boekje 'Eigenwiis!'. Dat boekje is yn 'e 'Lês mar foar!'-wiken (fan 9 o/m 27 septimber) fergees op te heljen yn alle biblioteken yn Fryslân.

Foar skoallen is der dizze lesbrief, mei alderhande aktiviteiten dy't passe by de teksten yn it boekje. Hawwe jim op skoalle in lêskonsulint? Freegje him of har dan ek nei it boekje en de lesbrief. Wolle jim mear witte oer de 'Lês mar foar!'-wiken? Sjoch op www.lêsmarfoar.frl.

Wy winskje jim in soad wille mei it boekje 'Eigenwiis!' en mei de lesbrief.


De Keimpe-wurkgroep



Ik bliuw foar altyd eigenwiis - doalhôf

Materialen: it opsiferske 'Ik bliuw foar altyd eigenwiis', stoepekryt of (skilders)tape om bûten of binnen op 'e grûn in doalhôf te meitsjen, guod út it gedicht om yn it doalhôf del te lizzen (kinne ek letters wêze – sjoch suggestjes)

Foarôf: Lês sels it gedichtsje goed troch. Meitsje in doalhôf op 'e grûn. Bûten kin dat mei stoepekryt, binnen kin it op 'e grûn fan bygelyks it boarterslokaal mei (skilders)tape. Lis op guon plakken yn it doalhôf foarwerpen del dy't yn it gedicht neamd wurde.



Suggestje foar groep 3 en 4: lis yn plak fan foarwerpen letters yn it doalhôf, dy't mei-inoar in wurd foarmje. Dat kin in wurd wêze dat yn it gedicht stiet of in wurd dat de learlingen krekt leard hawwe.

Lês it gedicht ien of twa kear foar. Praat mei de learlingen oer it gedicht. Wêr giet it gedicht oer? Wat it bern yn it gedicht seit, kin dat allegear wol? Soene de learlingen dat ek wol wolle? Der is gjin goed of fout, it giet om it petear.


Lit de learlingen it doalhôf op 'e grûn sjen. Wa doart it oan om troch it doalhôf de útgong te sykjen? Wat komme de learlingen ûnderweis tsjin? Miskien kinne de learlingen sels ek wol in doalhôf tekenje dat oare learlingen oplosse moatte.

Sels dwaan! – kleurje en skriuwe

Materiaal: de sjoch- en lêsplaat út it Keimpe-boekje en kopyen fan de swart-wyt-plaat foar de learlingen. De swart-wyt-plaat is te finen op www.keimpe.fr/lesmarfoarwiken. Kopiearje eventueel op A3 foar wat mear romte om te kleurjen en te skriuwen

Besjoch de sjoch- en lêsplaat yn it boekje. Praat mei-inoar oer wat der allegear te sjen is. Giet it allegear goed? Kin it allegear ek yn it echt? Binne der learlingen dy't de wurden by de sjoch- en lêsplaat al lêze kinne?

Jou alle learlingen in kopy fan de swart-wyt-plaat of jou de learlingen ien per twatal. Doch in opsykspultsje mei de learlingen. Neam in foarwerp op de tekening en lit de learlingen it opsykje op de plaat en kleurje. Bename de wurden yn it Frysk. Learlingen dêr't it Frysk noch te dreech foar is, kinne help krije fan de Frysktalige learlingen. Is dat ek lestich, dan kin it wurd yn it Frysk en Nederlânsk neamd wurde. Skriuw eventueel de neamde wurden yn it Frysk op it boerd.



Lit learlingen dy't sels al skriuwe kinne it Frysk wurd op in plakbriefke skriuwe en op it goede plak yn de tekening plakke.

Dizze aktiviteit kin ek meartalich dien wurde. Learlingen mei oare thústalen as it Frysk of Nederlânsk kinne de wurden út harren taal ek op de plaat plakke. Lykje de wurden opelkoar?

De kaai – in ferhaal betinke

Materialen: it stripferhaaltsje 'De kaai', in kaai

Lês en besjoch it stripferhaaltsje 'De kaai'. It ferhaaltsje kin foarlêzen wurde, mar learlingen kinne it ek mei-inoar lêze. Der binne dan trije rollen: Silke, Rins en heit. Silke en Rins fine in kaai op 'e stoepe. Praat mei-inoar oer it ferhaaltsje. Wêr hoopje se dat de kaai fan is? Wêr is de kaai fan? Soene se dêr bliid mei wêze? Wêrom tinke de learlingen dat?

Stel dat de learlingen in kaai fine soene. Wat soene se dan winskje wêr't de kaai fan is? Lit de learlingen yn twa minuten safolle mooglik dingen betinke dêr't de kaai fan wêze kin. As se al skriuwe kinne, skriuwe se dy dingen op. Dat kinne se yndividueel of yn twatallen dwaan. Lit de learlingen nei twa minuten fertelle wat se betocht hawwe. Dan kieze se ien ding út fan harren listje. Dêrmei betinke se in ferhaal: Se fine ergens in kaai en sykje nei it slot dêr't de kaai ynpast. Wat fine se? En wat dogge se dêrmei?

Lit de learlingen fertelle of foarlêze wat se betocht hawwe.


De bal - toaniellêze

Materialen: it ferhaaltsje 'De bal', eventueel in stôk en in bal om it ferhaaltsje út te spyljen

Lês it ferhaaltsje 'De bal'. Eef en Sef prate mei elkoar. It ferhaaltsje is hiel geskikt om yn twatallen of trijetallen te lêzen. It is hast in toanielstikje. Ien learling lêst wat Eef seit, ien learling lêst wat Sef seit en eventueel kin in tredde learling de tuskensinnen lêze. Lit de learlingen eefkes oefenje mei it lêzen. Jou tips foar de yntonaasje. Lit sinnen 'spannend', 'skrokken' of 'fleurich' klinke. Lit de learlingen lûdop lêze en ek in kear fan rol wikselje. Nei it oefenje kinne de groepkes foarlêze hoe't sy it betocht hawwe. It ferhaaltsje kin ek útspile wurde. Soargje dan foar in bal en in stôk en meitsje in sleat op 'e grûn. By it útspyljen hat Jep fansels ek in rol.



Mear Keimpe de Krokodil?



Mear mei Fryske boeken yn 'e klasse?

Bestel foar jim groep de Lês-mar-foar-tas. Yn dy tas sit it grutte 'Wêr is Keimpe?'-sykboek, de Keimpe-hânpop plus 'Keimpe syn Boekedeiboek'. Kinst de tas brûke yn 'e klasse of jou de Lês-mar-foar-tas om beurten mei de learlingen mei nei hûs. Kinst der neist it 'Wêr is Keimpe?'-boek ek noch in oar (Frysk) boek yn dwaan om thús te lêzen. Lit se in foto of tekening fan it (foar)lêsmomint meitsje en dy diele yn 'Keimpe syn Boekedeiboek'. Stimulearje sa it Frysk lêzen ek thús.

Ynhâld fan de Lês-mar-foar-tas:

- sykboek 'Wêr is Keimpe?' – Aart Cornelissen
- de Keimpe-hânpop
- Keimpe syn Boekedeiboek – om te kopiearjen en yn te foljen

Mear ynformaasje? Mail nei keimpe@afuk.frl

Gean op syk nei Keimpe de Krokodil yn it meartalige sykboek 'Wêr is Keimpe?' fan Aart Cornelissen.



Poesz aksje

Yn de 'Lês-mar-foar!'-wiken is der in moaie aksje by de Poesz. Alle wiken kinne klanten fan de Poesz by in oanbieding fan de griente- en fruitôfdieling fergees in Frysk boekje krije. Der binne yn totaal 8 ferskillende boekjes. Sparje se allegear!

Sjoch op keimpe.frl foar ynformaasje oer Keimpe de Krokodil en it Keimpe-projekt en op www.lêsmarfoar.frl foar mear ynformaasje oer de 'Lês mar foar!'-wiken.

Keimpe memory



Nij! Spylje memory mei Keimpe! Kinsto de plaatsjes byelkoar fine en miskien ek al de Fryske wurdjes lêze? Wa't de measte kaartsjes byelkoar fine kin, dy wint it spultsje!

Spoar 8

De haadpersoanen út it boekje 'Eigenwiis' spylje ek de haadrol yn de Lêslíne fan Spoar 8. Keimpe de Krokodil nimt yn de Lêslíne de learlingen by de hân en leart se alles oer it Frysk lêzen. Sjoch yn de temateek fan Spoar 8 foar ynteraktive sykplaten mei Keimpe de Krokodil en foar mear ferhaaltsjes oer de bern fan de Lêslíne.

Noch gjin Spoar 8 op skoalle? Sjoch op spoar8.frl foar ynformaasje oer de metoade en freegje fergees in workshop oan foar it skoalteam.



It Keimpe-projekt is in inisjatyf fan Afûk, FERS en Cedin en is ûnderdiel fan Taalplan Frysk 2030

afûk

FERS

Cedin

SPOAR 8

TAALPLAN FRYSK 2030